



## Goed personeel

‘Heu, Arend...’, seit Teade, at ik de foardoar iepenlûk. Hy hat mar leafst trije kear oanbelje moatten en ik kin oan syn hiele kop wol sjen dat er dat op syn minst twa kear tefolle fûn.

‘Heu...’, antwurdzje ik sûnder al te folle entûsjasme.

‘Man, wat duorre dat lang foar’tst oan de doar kaamst. Sietst op it skythús of sa?’

‘Neu uh... nee, ik... uhm... ik wie de lêste folders noch oan it fouwen.’

‘Oan it yninoar tearen, silst bedoele. Man, leare dyn heit en mem dy gjin fatsoenlik Frysk of sa?’

‘Net iderien hat in skoalmaster as heit’, mompelje ik.

‘No, silst my der ek nochris ynlitte, of moat ik hjir de hiele middei bûtendoar stean te blaubekjen?’

‘Nee, nee, sorry, kom fierder!’

Teade wâdet achter my oan de gong yn. Hy is sawat twa koppen grutter as ik en sjocht der hjoed mar wer ferfaarlik út yn syn bûtenboartersklean: in âlde spikerbroek, in ljochtgreene legerjas, in soldatekoppel kompleet mei fjildflesse om ’e mul en in pear brune soldatekisten om ’e fuotten. Dat guod komt allegear út ’e lokale legerdump. De lêste tiid hat er der moai wat fan syn bûsjild yn stutsen.

Somtiden bin ik wol in bytsje jaloersk op syn útrissing, mar oan de oare kant ferrek ik it om myn soerfertsjinne foldersintsjes oan legerklean út te jaan. Oer trije jier wurd ik einlings sechstjin en dan wol ik in brommer keapje kinne. In Honda MT it leafst. Wyt mei blau. In sportyf stik rydark dêr’t je by de froulju mei foar de dei komme kinne. Teade taalt op it stuit net nei brommers. At it safier is, sil syn heit wol ien foar him keapje, ropt er altyd. It iennige dat er derfoar hoecht te dwaan, is net smoke oant syn sechtjinde jierdei. Makje dus. Al dy kearen dat er mei âld en nij, of sa no en dan stikem achter de sporthal, in peuk opstutsen hat, rekkenet er dan foar it gemak mar efkes net mei. Dêr wit syn heit neat fan en dat moat ek moai sa bliuwe.

Krekt foar’t wy de húskeamer binnen stappe, set Teade syn wapen noch gau tsjin de grutte, donkerbrune kapstok oan. It is syn giele pylkjesjitter, dy’t er altyd by him hat at wy te legerkeboartsjen geane yn de Mieden. Sûnt wy op ’e middelbere skoalle sitte, dogge wy dat net mear yn it doarp sels, om’t wy mei ús trettjin jier eigentlik al te âld binne foar soksoarte boarterij. At guon fan ús klasgenoaten it witte soenen, soenen se harren dealaitsje. En wy soenen ús deaskamje.

Mar goed, hjoed sit it legerkeboartsjen der dochs net yn, want ik moat noch folderrinne. Dêr bin ik de hiele middei wol wer mei kwyt. Eigentlik hie ik dat niis by de foardoar fuort sizze moatten, mar Teade hat altyd wat, tsja... hoe sil ik dat ris sizze? Wat bazichs. Hy lit him net samar ôfskepe.

Mem teart by de itenstafel de lêste setsjes folders yninoar. ‘Hoi Teade’, seit se en skoot in pear plukken fan har lange, donkere hier achter it ear. ‘Kaamst om Arend even mei it folderjen te helpen? Dat liket der mar op!’, seit se mei in grutte glim.

---

Teade skodhollet, eaget de steapel folders ris oer en antwurdet noartsk: ‘Neu, hear: ikke net! Ik kaam eigenlik om him op te heljen om bûten te boartsjen...’

‘It wurk giet foar’, antwurdet mem. ‘Mar mei jim beiden kinne jim fansels twa kear sa hurd en dan bliuwt der fêst noch genôch fan ’e middei oer om jim te fermeitsjen.’

Ik kin wol sjen dat it Teade foar gjin meter sinniget, mar hy lûkt oan ’e skouders en brimt: ‘No ja, frut dan mar. Mar dan wol ik ek de helte fan it jild ha, fansels.’

Myn lilke blik nei mem, om’t ik in diel fan myn moannelean yn reek opgean sjoch wurdt kompleet negearre.

‘Dat liket my net mear as earlik’, seit se mei in brede laits. ‘Dan leveret it jim allebeide wat op: do in pear ekstra sinten en Arend noch in bytsje mear frije tiid. Sjoch, hjir hast ek in stoffen tas. Dan dogge we de steapel folders presys troch de helt. Sa: elk twahûndertfyftich setsjes. Fjouwer sinten it stik. Da’s foar jim beiden straks tsien grouwe gûnen. Huppekee en no mar gau op ’en paad. Wat later hier, wat later daar!’ En foar’t we it witte, steane Teade en ik bûtendoar mei ús stoffen taskes oer it skouder. De doar klapt achter ús ticht. Wy sjogge inoar ris oan en hy freget wat stikelich: ‘Wêr moatte wy dy kringen eigenlik allegear hinnebringe?’

Nei mear as de helte fan it doarp, tink ik, mar dat sis ik mar net. Ik toffelje de strjitte út en antwurdzje: ‘Kom mar mei, ik wiis de wei wol. Wy begjinne by de Stasjonsstrjitte. At wy no aanst om en om in hûs dogge, dan sjit it lekker op.’

Mar Teade dielt myn optimisme net. Hy sjocht noch altyd lilk en foeteret dat it allegear net sa flot giet at er wol. Hy mist de rûte fan de betûfte folderrinner fansels. At der dan ek noch in stikmannich brievebussen komme mei fan dy swarte, wjerakseljende siichboarstels derfoar krijt er planút de hel yn. Hy besiket de setsjes fan trije yninoar tearde reklamefolders der mei geweld trochhinne te triuwen. Fakentiden lit er de brot foar mear as de helte út de gleuf hingje. Twa kear sjoch ik dat de boel op it tegelpaad donderet en dat er it lizze lit dêr’t it leit.

Ik begjin myn twivels te krijen oer it ynskeakeljen fan dizze help. Mar - skiter dat ik bin - ik sis der fierders neat fan.

Nei in oere wurk, dat by lange nei net sa hurd giet at ik hope hie, begjint it te storeinen. Teade hat yn de lêste strjitte regelmjittich mear as ien setsje folders troch in brievebus goaid. ‘Sa sjit it teminsten in bytsje op’, blafte er, doe’t ik foarsichtich probearre om der wat fan te sizzen.

‘Ja, mar...’

‘Neat ja mar! En witst wat? It kin noch hurder. Wy binne no dochs flak by it bejaardetehûs?’

‘It âldereintehûs, silst bedoele?’, besykje ik him werom te pakken mei dat heechhertige gedoch fan him oer it Frysk sa strakjes.

‘Och heden, do bist seker de leukste thús?’, seit er smeulsk. ‘Meikomme! No!’

‘Ja mar, ho, It Sinnehiem sit net yn ús rûte. Ik... Net dwaan, Teade. Dêr krij ik gedo...’

Mar hy heart my al net mear en in pear sekonden letter skuort er de grutte glêzen doar fan it treppehûs iepen en rint op de wand mei brievebussen ôf. Ik bin op in sukkeldrafke achter him oan rûn en kin net mear foarkomme dat er de iene nei de oare steapel folders yn de gleuven fan de kastjes stoppet. Somtiden wol mei fiif of tsien tagelyk.

‘Soa’, seit er mei in grutte laits. ‘Dat hakt deryn. Foar de oare kear haw ik noch in better idee: dan nimme we de brot mei nei de Mieden en stekke it dêr yn ’e fik. Efkes in buske oanstekkerfloeistof mei, dan is it samar klear.’



---

‘Ja, mar...’, besykje ik op ’e nij, mar hy leit my mei in hângebeart it swijen op. Yn in omsjoch hat er syn stoffen taske leech en seit: ‘Jou my dy lêsten fan dy ek mar, dan sil ik dêr ek wol even mei rêde!’

‘Teade, ik...’

Mar hy skuort my de tas fan it skouder en miteret grutte steapels folders yn de boppeste twa rigen brievebussen. Yn guon fan ’e kastjes moatte no wol fyftjin setsjes sitte. Of miskien sels wol mear...

‘Opgeruimd staat netjes’, seit er triomfantlik at de lêste folders ferdwûn binne. Hy troppet de stoffen taskes yn ’e bûsen fan syn legerjas en jout mei ien fan syn soldatekistjes in traap tsjin de swiere glêzen doar.

‘Op hûs oan mar wer. Dan kinne we aanst noch moai even de lannen yn. Wat later hier, wat later daar!’

Ik doch de hannen yn ’e jasbûsen en fottelje mei bûgde holle achter him oan. Nei in pear meter draait er him om en jout my boartlik in stomp tsjin it skouder. ‘Hee, jong’, laket er, ‘wat sitst no somber te dwaan? Dy troep is fuort. It is ophâlden fan reinen en de sinne liket der wer troch te kommen. En we ha noch in aardige bûssint fertsjinne ek!’

Ik bliuw stean, skodholje en stammerje: ‘N-n-nee, Teade. Dat besykje ik dy no al in skoftsje dúdlik te meitsjen. It folderbedriuw dêr’t ik foar wurkje is fan myn omke. Kinst der gif op ynnimme dat der aanst allegear minsken by him oan ’e telefoan hingje. En at ik straks thúskom, sil hy op syn beurt wol by ús mem oan ’e telefoan hingje...’

Teade liket efkes fan syn stik brocht. Dan begjint er te gnizen, jout my noch in huf tsjin it skouder en seit: ‘Pech foar dy, jonkje. Ik krij hoe dan ek noch tsien gûne fan dy. En moatst mar sa tinke: it falt op ’t heden ek net ta om goed personiel te finen!’

Ate Grypstra